


Lykas Bob it wollen hie



Greidhoek' Festivalkrante



"Bob is dea, leve Bob!"

Foarferkeap: Jumbo-Kooistra Wommels, Jumbo-Kooistra Bolsward

We nimme ôfskie fan Bob op sneon 7 septimber 2019 op it swimbatterrein yn Wommels. Jo binne wolkom fan 15:00 oere ôf.

MUZYK:

De Raggende Manne
The Bootleg Doors
Rey Tranquilo
The Krontjong Devils
Seewolf
Peuk
Turboguru
Farsk
John Frost
Love Couple
The Blues Busters

KEUNST:

DeDansDivisie (freed 6 septimber)
Willie Darktrousers & Joost Oomen
Fulkaan
Kapsalon de Deade Punt
Moai Interaktyf Berneprogramma

en noch mear!

tagong: foarferkeap € 12,- | kassa € 15,- | 13-17 jier & 65+ € 5,-
jonger as 13? fergees | hjitsto Bob? fergees

Wa't gjin roubrief krigen hat kin dizze krante as útnûging beskôgje


Nei njoggen, ik mei wol sizze, fantastyske edysjes fan it Greidhoek’ Festival sil der in ein komme oan dit barren yn dizze foarm. Wy bin bolstjurrich begûn en geandewei hoe langer hoe rûziger wurden. Alle jierren koene wy, bestjoer en keunstkommisje, ús mei stipe fan al ús geweldige frijwilligers, boppers en opperboppers wer útleve op in nij tema en dêr in ferskaat oan keunst, bernespultsjes en muzyk by betinke. Ek de terreinoanklaaiing en -opset wie alle jierren wer in feest om út te finen en del te setten. Ek de kommende njoggende edysje sil wer nijsgjirrich, fernuverjend en útwryks wurde. En dit kear noch mear as oars ferassend. Yn dizze krante kim jim der fan alles oer lêze. Mar ek dizze kear moat je der by wêze om it allegear te ûndergean en te belibjen. It is mei sizzen net te dwaan en ek de plaatsjes sille lang net fertelle kinne hoe’t it wêze sil. Want dat hinget foar in grut part ôf fan jim oanwêzigens en partisipaasje. De wikselwurking tusken jim en de keunst dy’t der is en de muzyk dy’t der spile wurdt sil it festival magysk meitsje, himelsk miskien wol at it slagget. Meitsje it mei.

Mar dêrnei binne wy der klear mei. Wy binne net fan we moatte de tsien kear fol meitsje, as 3000 besikers skoare. Wy binne foldien. It hat moai west. Op dizze wize. Wy hawwe der in ôfgrysluk protte wille fan hân. Mar ek in bult wurk om it allegear yn goeie banen te hâlden en dat sjit ús kreatyve útgongspunten wat foarby. En wy hawwe der wol in bytsje ferlet fan om ússels te fernijen. Yn elts gefal net ivich op deselde wize en itselde plak troch te gean. Wy wolle werom nei de basis: de ûnbegrinze kreativiteit.

Dat Bob giet dea. Dat wie der alris earder gongen, mar wy hawwe besocht him op ‘e nij ta libben te roppen. Op ús wize, sa’t hy skildere. Wy tinke dêryn wol aardich slagge te wêzen. Op de jûn foar it festival is de kondolaasje mei de prachtige en yndrukwekkende dûnsfoarstelling “Rauw”. Fan de triennen sil it fjild it wietst fan alle kearen wurde, dat de learzens kin wer oan. At it treft komt der tapaslik fan boppe noch moai wat by. En dan de skeppe yn de grûn as de brân der yn. Bob is dea. This is the End. The music’s over. Hjirnei alliinnich noch te hearen: “The scream of the Butterfly”.

Leve Bob.

Foarsitter Stifting Greidhoek’ Festival, Lukas Offinga



Eardere Edysjes



Missy

De kessens opskodzje!

Fyzje

Troch alle jierren in orizjineel en ôfwikseljend programma del te setten, wêryn't totale kreative en artistike frijheid jildt foar alle dielnimmers, wolle we minsken yn de kunde komme litte en ferrasse mei tinzen en uteringen dy't oars as oars binne.

Untstean

Yn it begjin wie der Klomprock en doe kaam Bob. Fan in sympatike benefyt-muzykjûn foar swimbad De Klomp, groeide yn de geast fan Bob Ross it suksesfolle en alsidige Greidhoek’ Festival. De earste edysje yn 2011 waard troch Willem Wijnia, Wybren Jorritsma, Teade de Boer, Ate de Boer, Jos Cartens en Arnold Strikwerda opsetten, wêrby't swimbadfoarsitter Lukas Offinga it foartou naam. In moai ploechje minsken mei in ferskaat oan kwaliteiten, mar mei itselde doel wat it festival oangie. Yntym, tsjin de tried yn, eigensinnich, kreatyf, jierliks, in unyk evenemint yn de regio fol muzyk en ferskate keunstfoarmen. De earste edysje waard lyk in grut sukses ek al barde dat yn in oaze fan wetter en drek lykas twa jier werom. It wie benammen de sfear en de strakke organisaasje dy't wurdearring krige bij de gasten en ek by de artysten. Dat smakke nei mear. Yn 2012 kamen der al sa'n 800 besikers en dêrnei alle kearen sa'n 200 mear, sadat wy ferline jier al op sa 'n 2000 besikers sieten. Oant no ta binne alle edysjes prachtige sfearfolle festivals mei hearlike muzyk, iterij en nuveraardige keunstprojekten. Benijd hoe 't it de lêste kear wurde sil.



Bob Ross

Wie yn de jierren '80 in bekend lânskipsskilder mei in opfallend afro-kapsel. Hy hie in televyzjeprogramma wêryn't hy je yn in pear stappen sjen liet hoe maklik je in skilderij meitsje koenen. Yn dizze 'Joy of Painting' liet Bob sjen dat foutsjes net bestean; "that are just some happy little accidents", wie ien fan syn prachtige útspraken. Syn programma waard yn Amearika útstjoerd, mar ek yn Nederlân en Dútslân bygelyks. Bob Ross groeide mei troch syn hilaryske útspraken út ta in wiere kult-held. It makke him neat út dat der ek minsken wienen dy 't syn programma brûkten om yn 'e sliep te kommen of ta rêst. Bob Ross wie eigensinnich, aardich, fleurich, grappich, orizjineel, tagonklik, oars as oars, oftewol eksakt dat wat wy mei it Greidhoek' Festival ek útstriele wolle. Bob is dêrmei ús festivalsymbol. Foar de lêste kear...

Jumbob-aksjes

De ôfrûne wiken koenen jim mei ferskate aksjes frijkaartsjes foar it Greidhoek' Festival winne by de Jumbo-Kooistra yn Wommels. Neat wûn? Dat is spitich. Dan mar efkes Bob de fyts nei de JumBob om in kaartsje te keapjen. En miskien is der dochs ek noch wol in aardige aksje dêr't je kaarten mei winne kinne!



Bestjoer Stifting Greidhoek' Festival



Lukas Offinga



Aart Laferte



Ate Feike de Boer



Jan-Jelle Kuipers.



Willem Wijnia



Teade de Boer

Keunstkommisje

Rixt Walda, Grietje Deinum, Janneke de Boer, Wendelien Kloosterman en Rozemarijn Strubbe



Fan dit plak ôf wolle it bestjoer en de keunstkommisje fan it Greidhoek' Festival de folgjende lokale maatskiplike ynstellingen tank sizze foar harren stipe yn de ôfrûne tiid:

Centrum De Mik | Kenniscentrum Autisme
Talent Wommels | Tywerthiem
Patyna Nij Stapert

Jim meiwurking hat ús tige goed dien.

Wommels, septimber 2019

Wij begripe it wol.....

It wie krekt as bij it berjocht dat de suvelfabryk yn Wommels ticht gie. Doe sei men yn Wommels en neiste omjouwing: “wij begripe it wol, alles moat grutter en tiden hawwe tiden”

It is krekt as bij it berjocht dat Bogerman ticht giet. Ek no teloarstelling en begryp foar de redenen. “Tsja, de krimp, it jild, de kwaliteit, tiden hawwe tiden”

It is krekt as bij it berjocht dat Wommels net it haadplak mear is fan dy moaie gemeente Littenseradiel en ûnderdiel wurden is fan dy fierstente grutte gemeente yn súdwest Fryslân. “Snits, Boalsert, de stêden, de marren, dêr draait it foaral om en dan komt Wommels tekoart en is it in úthoeke”. Gemeentlike weryndieling? Wij begripe it wol.

Sa nimme wij dus ek mei tefolle begryp ôfskie fan 9 fantastyske muzyk- en kultuerfeessies yn Wommels, yn de greidhoeke, yn Fryslân. It berjocht komt je op sa’n freedtejûn op de Bobjûn yn it hôf oan de van Sminialeane wol wat oer it mat. Wat de reden ek echt is, wij nimme genoeg mei it ferhaal sa’t de organisaasje dat oanjout: wij wolle net yn werhellings falle en sjogge it einpunt fan ús kreative fermogen om der noch faker wat bysûnders del te setten. Ek no gjin aksjegroep op Facebook, gjin hongerstaking en sels gjin needgjalp nei de organisaasje. Wij berêste yn ús lot dat it dit jier de lêste kear is. Nimmen dy’t lûdop ropt “meitsje de 10 noch efkes fol”. Neat fan dat alles. Wij begripe it ommers wol.


It Greidhoek' Festival hat Wommels in soad brocht. Wommels stie fansels al op de sportkaart troch in Freulepartij mar mei Bob stiet it no ek wer op de muzikale kaart, sa’t earder (de jierren ‘80-‘90 foaral) it Dielshûs ek in namme hie. Persoanlik sil ik it as in grut gemis belibje want wat is it moai dat je yn eigen doarp wer safolle goeie en bysûndere muzyk ûntdekke. Bands mei bysûndere nammen troch de jierren hinne: 12 strings and a band, Meindert Talma en de Snakkers, Einstein Barbie, Stuurbaard Bakkebaard, de Tigers fan Greonterp en de Sneue fertoaning fan Douwe Dijkstra, sokke nammen meitsje nijsgjirrich.

Muzikale hichtepunten wiene der ek foar mij: Henk & Melle, Hallo Venray, Blackboxred, Afterpartees, Prof Nomad Sessions, de Kat, Paceshifters, Claw Boys Claw en the Amp.

Ik hear in soad om mij hinne, wat spitich dat it stoppet want it wie altyd bysûnder. Ik hear ek lju dy’t sizze dat it hieltyd sil mar dat it der noch nea fan kommen is om der hinne te gean. Kom op dus, “altyd kommers” en “noch nea west hawwers”. Litte wij 7 septimber allegear (wer) gean of soe it allinne mar wêze om dy lju fan de organisaasje tank te sizzen foar 9 geweldige festivals. Fan 8 septimber 2019 ôf is it wer in deade boel yn Wommels op muzikaal gebied.....

Ik begryp der neat fan.

Aant Hofstra





Goutum:
21:15 – 22:05 oere

De Raggende Manne

Doe 't de Raggende Manne bekend makken dat sy yn 2019 in reünitytour dwaan soene kamen sy lyk op Bob syn listje. In geweldige band yn de jierren '80 en de sjonger hjit ek noch fan Bob! Wy binne der dan ek tige wiis mei dat Bob Fosko en syn mannen nei Wommels komme. Hooplik hellet Bob Fosko it al want hy is slim siik en kin net mear better wurde. Ferrekte sneu fansels, mar hy wol noch ien kear knalle. Hoe kin dat no better as Bob it Greidhoek' Festival mei de klassiker 'Poep in je hoofd'? Wa is der net grut mei wurden?



Marsum: 16:50 oere

The Blues Busters

Bob is gek Bob blues, dus ek dit jier komt der wer in bluesband nei Wommels. Dit kear komme de Blues Busters mei harren Hot steamin' Chicago Blues. Al 30 jier spylje sy de beste blues yn sealtsjes en op festivals. Jim kinne fêst in pear fan de mannen. De band bestiet namelijk út Jeffrey Rosenau (vocals), Henry Rosenau (leadguitar), Richard Koster (bluesharp and vocals), Lody Kramer (drums and vocals), Sjaak Bekema (bass) en Auke Bloemhof (guitar). Dizze mannen binne sa ferslingere oan de blues dat sy blues spylje oant harren dea. Yn elts gefal oant Bob syn dea!



Farsk

Voskovs Grodzemods wie ea by de berte fan it Greidhoek' Festival yn 2011. No binne wy oan it lêste Greidhoek' Festival ta en komme sy Bob 'e nij. No as de Voskovs tegearre mei Faam, oftewol Farsk! Dit is in nij projekt dat 't op freed 14 juny te hearen wie by Noardewyn op Omrop Fryslân. Bob hat genoten! Sokke rockmuzyk wol hy dan ek graach op syn begraffenis!

Goutum: 17:30 oere



Marsum:
23:15 oere

Turboguru

Bob wie op Welcome to the Village o sa wei fan Skeve Hindoe dat hy se lyk wol fêstlizze woe, mar spitich genôch gie Skeve Hindoe dea..... Lokkich reïnkarnere hy al snel as Turboguru en dy koe it om Bob ek wol dwaan. Mei pakkende Balkanbeats witte sy elkenien ta libben te bringen. Dûnsje oant je der dea by del falle!



Goutum: 17:35 oere

The Krontjong Devils



The Krontjong Devils komme út Grins en spylje hearlijke Surfrock. Sy binne al yn 1990 oprjochte dat binne ryk oan ûnderfining en soargje der foar dat der ek yn de Greidhoek' surft wurde kin! Surfe oant it ein fan de hoarizon!

3voor12-Fryslân

De dag waarvan je wist dat 'ie ging komen, maar er nooit rekening mee hield dat deze ook echt ooit zou komen. De dag van de allerlaatste editie van het Greidhoek' Festival komt steeds dichterbij. In het eerste weekend van september zullen voor de allerlaatste keer de tenten en podia opgebouwd worden en zal er voor de allerlaatste keer een festivalterrein verrijzen op het zwembadterrein in Wommels. Wat ooit kleinschalig begon groeide uit tot een begrip. Greidhoek' was voor 3VOOR12/Friesland het toetje van het festivalseizoen (een seizoen wat tegenwoordig (blijkbaar) van januari tot december moet lopen). Wij van 3VOOR12/Friesland zijn reuze trots dat wij al die jaren onze naam aan het festival mochten verbinden, mee mochten denken en bands op het festival mochten programmeren. De eigenzinnigheid van het festival heeft ons altijd enorm aangesproken. De organisatie bracht een stukje anarchie naar het platteland, Wommels in dit geval. Iets wat wij alleen maar toe konden juichen en daarom ook dat de samenwerking tussen altijd zo prettig was. Even met Ate koffie of bier drinken en de samenwerking (+ goede ideeën) was weer beklonken voor een jaar. Wij gaan Greidhoek' missen, hopelijk jullie ook en wellicht dat iemand de organisatie op andere gedachten kan brengen. Zo niet dan vieren we op 7 september 9 jaar Greidhoek' Festival... Met een traan en bovenal een hele brede lach!

Theo van der Veer
Voorheen hoofdredacteur 3VOOR12/Friesland

To bob or not to bob

7 septimber 2019

“Wat in ferlies foar Wommels. Tagelyk krulje de mûlehoeken omheech.”
7 septimber wurdt hommels by ús weinaam, ús leave ynspiraasjebron, ús kleurrike lieder, held.

Robert Norman Ross, ek wol bekend as

BOB ROSS

USA:

★ 29 oktober 1942
† 4 july 1995

Greidhoek’:

★ 17 septimber 2011
† 7 septimber 2019

Yn 1995 is Bob foar de earste kear ferstoarn. Yn New Smyrna Beach. In lyts stedsje oan dizze kant fan Amearika. Op itselde plak dêr’t hy 52 jier earder berne is.

En 24 jier letter wurdt op ‘e nij ôfskied nommen fan Bob. Swimbatterrein Wommels. Op it selde plak dêr’t hy njoggen jier earder opstien is.

Mar gûl net, lykas Bob al sei:

“If you want sad things, watch the news. We want happy paintings. Happy paintings!”

Bedankt Bob foar de boost dy’t kultureel Wommels, de Greidhoek’ en Fryslân krigen hat troch dy. En myn stelling is:

Bob kín net dea, leve Bob!

Wybren Jorritsma
Leeuwarden-Fryslân 2028 (LF2028)*

* Ek nei it Kulturele Haadstêd jier bliuwt Fryslân yn de flow. Under de namme LF2028 binne de nije plannen te besjen op LF2028.eu. Tiid foar in Greidhoek’ festival 2.0 yn dit ramt?



Wêrom al om 15.00 oere der wêze?

Mei de jierren binne wy al aardich groeid as festival. Net allinne yn de breedte, mar ek yn de lingte. De earste jierren gie de doar noch om in oer as 18.00 iepen, mar no sels al om 15.00 oere. Wy fine dat jim wol by ús komme kinne. Sa binne wy der wis fan dat wy jim net allinne ferwenne mei de geweldige muzyk, mar ek mei it lekkere iten en de keunst. De bern kinne moai op tiid al mei en as je se net te let nei hûs ta bringe dan hawwe je noch in hiele jûn foar je. De bern om 15.00 oere alfêst wat lekkers te iten en jo fan 16.00 oere ôf genietsje fan de muzyk. Kom mar Bob! It wurdt de lêste kear!

TAGONGSKAARTEN

De kaarten foar it Greidhoek’ Festival kostje dit jier €12,- it stik yn de foarferkeap. Oan de doar jilde se €15,-
Bern fan 13 oant en mei 17 jier meie foar €5,- nei binnen ta, lykas 65+’ers.
Bern oant en mei 12 jier meie fergees.
De kaarten binne yn de foarferkeap te krijen by Jumbo-Kooistra yn Wommels en Boalsert en fia www.greidhoekfestival.nl.

BERN EN BOB FERGEES

Sa ’t wy al seinen binne bern oant en mei 12 jier fergees. Dêrneist meie fansels alle lju dy ’t wier Bob hjitte ek fergees it festivalterrein op. By de yngong moat dan al efkes in jildich legitimaasjebewiis sjen litten wurde. En efkes Bob de foto?

FOARFERKEAP

Kaarten foar it Greidhoek’ Festival kinne yn de foarferkeap kocht wurde by de Jumbo-Kooistra yn Wommels foar €12,- it stik of fia www.greidhoekfestival.nl.
Kaarten foar de jongerein fan 13-17 jier en 65+’ers binne allinne te krijen oan de doar.

TAGONG

It Greidhoek’ festival fynt plak op it smûke Wommelser swimbatterrein. De tagong nei it Greidhoek’ Festival is oan de kant fan de jachthaven en is fia de Terp-kant ôf te berikken.

BERN

Wy binne gek op bern, benammen as se noch yn de bernewein sitte. Om foar te kommen dat de basisskoallejeugd oan ien trie wei it terrein op en ôf giet freegje wy oft der by it ferlitten fan it terrein in folwoeksene meigiet om de boel wat yn ’e gaten te hâlden. Bob docht fan alles om jim te fermeitsjen, mar is gjin Bobpas!

PARKEARE

Parkeare kin û.o. by de Jumbo oan de Terp. Buorden sille dúdlik meitsje hoe’t je op it festivalterrein komme. Ek kinne je fansels netsjes in plakje foar de auto fine earne oars yn Wommels. Bygelyks op de parkearplakken fan de skoallen oan de Walperterwei. Lytsjild kinne je wol thúslitte, yn de hiele Greidhoek’ is it parkearen fergees. Lykas deagean.

MUNTEN

Ek dit jier wurkje wy wer mei munten. Se binne te keap by de Willewein en kostje lykas eardere edysjes Bob ’e nij €2,- it stik. Hjirmei kin iten en drinken besteld wurde op it festivalterrein. Ek dit jier wurkje wy wer mei prachtige spesjale Bob-munten dy ’t allinne dizze Greidhoek’ Festival-edysje jildich binne. De munten kinne ek mei de pinpas betelle wurde. En net opite, want dan geane je Bob efternei.....

Bob sjop

Stifting Greidhoek’ Festival hat in wiere BOB-lijn. Wy ferkeapje sjurtsjes dy ’t makke binne mei as grutste ynspirator Bob Ross. De shirts mei prachtige BOBdrukken kinne besteld wurde yn de BOB-sjop: greidhoek.spreadshirt.nl. De shirts binne makke yn gearwurking mei Halvegaren.nl. Jim kenne harren fêst ek wol fan Baas Himd. De BOBsjurts binne te krijen yn alle maten, fan babymaat oan ’t 5XL. Der binne sawol sjurts foar manlju as froulju, de kwaliteit fan de shirts is heech en de prizen rinne útien fan 14 oant 27 euro.





Keunstprogramma

Om de yntinsiteit fan it fertriet wat te sprieden hat Bob dit jier ek op de jûn foarôfgeand oan de plechtichheid in stikje programma. Dêrneist is der fansels op de festivaljûn sels alle gelegenheid om treast te finen of moaie herinnerings op te heljen.

Freed 6 septimber: kondolearjen.....

20:00-21:00 oere, festivalterrein: DeDansdivisie – RAUW

Op freedtejûn kin yn lytse kring ôfskie nommen wurde fan Bob mei dûnsfoarstelling RAUW fan DeDansDivisie. Yn RAUW lit Marloes Schreur fanút eigen ûnderfining sjen hoe't it is om dyn partner en beide âlders misse te moatten en wer fierder te moatten mei it libben.

De bewenners fan Nij Stapert bakke foar dit ôfskie cake foar by de kaffe. Wa't in bakje kaffe keapet, krijt in stikje cake fergees. Bob seit: Bakje treast.

Kaarten foar RAUW wurde apart ferkocht en binne foar 5 euro te keap by JUMBO Kooistra yn Wommels. Leaver gjin blommen, mar graach in plantsje meinimme dat bijen en flinters oanlûkt. Advysleefiûd: 16+



Sneon 7 septimber: ôfskie.....

16:00-20:00 oere:

Toanielgroep Surprise

Tunnel nei it ljocht

Toanielferiening Surprise komt dit lêste jier mei de DeaJays: Hell Bob en Bob Himelsk. By de yngong draaie sy plaatjes oer himel en hel, boppedat kriget eltse besiker in goed bedoeld persoanlik advys oer hokker paad te gean nei it Greidhoek' Walhalla yn Wommels.



De ôfbylding is 'It brede paad en it smelle paad' fan Gerben 'Bob Ross' Gerbrandy.



16:00-19:00 oere:

Janna van der Honing

Pop-up boartersplak
De deade boel

Tydlik boartersplak dêr't lekker alles mei en bern libben bringe yn dea en ôfskreaun materiaal: doazen, lekkens, gerdinen, buizen, apparaten, klean, plastic flessen, ferve, skilderstape... Enne... âlders: allinne helpe as de bern dêr om freegje.

16:00-19:00 oere:

FabLab

Doch mei mei it FabLab fan de Bibliotheek Sneek en meitsje in mei in 3Dpinne in dreamefanger foar dyn (enge) dreamen.



16:00-01:00 oere:

In loving memory

Bob wit dat jim wolris wat mear sjogge nei in pilske, mar der binne wier artysten dy't yn de Greidhoeke in dûbelgonger hawwe. Of oarsom? Brûk dyn memory en sykje de look-a-lijks..



16:00-19:00 oere:

Fûgelwacht Wommels e.o. Oan bot komme


De mûs syn dea is de ûle syn brea. Mar mûzebonken, mûzetoskjes en mûzehier kin de ûle net fertarje en útskite. Dat sammelt er en komt der nei ferrin fan tiid troch de snút wer út. Sikesto mei nei it meast komplette skelet?



16:00-20:00 oere:

Iepen up Literaire Bijna Dood Ervaring

Bob hat syn freonen fan IepenUP frege om mei in idee rûnom 'De Dea' te kommen. It waard de Literaire Bijna Dood Ervaring: in grêfkist dêr't eltsenien boppe de 12 jier him as har yn deljaan kin om mei de kist iepen (of ticht) nei in troch Eelco Venema skreaune en ynsprutsen tekst te hearen. De lykwachten fan IepenUP beslute ofst der yn meist of net.



17:00 - 01:00 oere:

De Mik en Talant Wommels - Kom mei in blom



Bob wurket foar dit urginte project gear mei de Mik en Talant Wommels. Hy is nammentlik sljocht op bijen en flinters en wol perfoarst dat sy him jierren en jierren oerlibje. De Mik makke in blombak dêr't jim jim meinommen bije-planten ynsette kinne, sadat elkenien oertsjûge is fan dit bloeiend (pro)testamint. Talant soarge foar blommen op oare plakken op it terrein.

17:00-21:00 oere:

Paul Smit Bob's alter

Yn 'e geast fan Bob syn útspraak 'Sjoch om dy hinne, skientme is oeral, do moast it allinnich sjen wolle', sil as neitins oan Bob in wier alter op it festivalterrein stean. Hjir kinst dyn eigen earbetoan meitsje oan Bob, ûnder de besiele lieding fan Paul Smit. Wat sille we him misse!

19:00-22:00 oere:

Pieteke de Boer - Voor je er tussenuit knijpt

Yn it skriuwlokaal kinst dyn eigen tekst of gedicht skriuwe. Wat wolsto noch tsjin Bob sizze? Of tsjin in oar dy't dy leaf is? Doch it no! Skriuw it (b)op! Op papier, of jou ien in waskniper mei in komplimint. Wat ik noch tsjin dy sizze woe... foardatst it witst is it te let!

Langstme nei dy sil altyd bliuwe
nei wat wie en net mear is
it libben is net mear itseide
wit dat ik dy altyd mis



20:00-23:00 oere:

Hidzer van der Heide - In oade oan it libben, de kening is dea...



Hidzer van der Heide út Weidum fûn by in ferbouwing in skelet fan in mûske, hielendal perfekt en hiel fotozjenyk. Hy krige der aardichheid oan om deade bisten te fotografearjen. Sûnt hy dy foto's op Facebook set, krijt er fan alle kanten foto's fan deade bisten tastjoerd. It fotografearjen is foar him in oade oan it libben fan it deade bist. Yn libben hat misskien net ien him sjoen. Mar it wie der wol, it hat libbe.

20:00-23:00 oere:


Kapsalon De deade punt

Wat dochst ast it net mear sitten sjochst?
As it allegearre tsjinsit? Ast net ien dy mear begrypt? Dan komt der in punt....
Dan moat it der ôf. Gean nei Kapsalon 'De deade punt', tsjin spliten persoanlikheden.

19:00-01:00 oere:

Galchje

By de húskes hast fansels alle tiid foar in ûntspannend spultsje. Doch mei oan it galchjespul en ried it wurd foardatst te let bist.



Goutum: 16:00 oere

Fulkaan Simmer Academy de Storm

Yn de lêste wike fan de simmerfakânsje binne jonge muzikanten, sjongers en dûnsers De Lawei yn Drachten yndûkt. Op de Fulkaan Simmer Academy krigen se moarns masterclasses fan fakdosinten en wurken se middeis oan in einproduksje. Dy is te sjen op it Greidhoek' Festival! In Shakespeare-klassiker yn in urban jaske.



20:00 en 21:45 oere:

Willie Darktrousers en Joost Oomen - O ratelslang geil beest



Dichter Joost Oomen en sjonger/teatermaker Willie Darktrousers brûke yn O ratelslang geil beest mei it publyk groepsrituelen út ferskate kultueren: Hare Krishna-gatherings, foodoo út Haiti, Togo en Benin en winti út Suriname. Waaie mei grutte blêden, skuudzje en goaie mei rys, patroanen tekenje op 'e grûn, plengoffers: alles om wer libben te krijen yn in dea lichem.

Hjir kin jo advertinsje stean!

Fan doel om dea te gean? Reservearje fêst jo eigen deade hoekje.

Nim kontakt op mei it bestjoer fan Greidhoek'festival.



LANG OM LET JOUT HY BELIES!

9 jier lang dy Bob Ross syn grauwe bosk krullen op it skerm. Wat in DRAMA. Echt! Wy sil syn dea fiere mei in grut feestje. Hooplik stekke wy him á la Burning Man yn de brân. BURNING BOB!

Of ach. It hie bytiden ek wol wat. Ok, dan. Want lit wy earlik wêze. Wy hawwe der ek wol fan genoaten. Al dy kreative frijheid. Mei ynmoad sjogge wy werom nei de Sjineeske poster en de #bobek. Greidhoek': allinne by dizze klant slute wy de klus ôf mei in feestje. Wy sille dûnsje as sirkusartysten! Sûpe as mûzen! En dan noch efkes bekers feie. En earlik sein.... wy sjogge wol út nei in reïnkarnaasje yn in nij lichem.

We sil him (en jim) misse.
De Staat van CreMatie.
Tarek, Jetze, Marije en Klaas-Wytze

ÚS OPPER-OPPERBOPPERS BINNE DIT JIER:



Freez.it
uw ict-afdeling



Rabobank

DE FOLGENDE OPPERBOPPERS
MEITSJE IT GREIDHOEK’
FESTIVAL 2019 MEI MOOGLIK:

5-Online	KTF-Kraanverhuur
Accelent	Leerkrachtcoach
Allicht	LPZ-beheer
Huidinstituut Renew & Balance	Mannen van Staal
American Base	Margje 24
B & O Bandenservice	Metsel- en voegbedrijf T. Haakma
Bentacera	METZ-Style
Bos Konstruktie en Machinebouw B.V.	Murk’s Slagerij
Bos Mechanisatiebedrijf	Multiservice (Jurjen) Bos
Boubedriuw Kooistra	Nanning Dijkstra Renovatie Bouw
Bouwbedrijf Frankena	Nijdam Skiddersbedriuw
Bouw-Tekenburo Wietse B. Ligthart	Opvallend Reclame
Brouwers Schilders	SAM-onderhoud
CMC-groep	Slagter custom made rvs en hout
DA-Fizel	Studio Smids
De Jong Tweewielersbedrijf	Teledatacom
De Mik	Timmer- en Aannemersbedrijf Van Ruiten
De Stroming	Timmerbedrijf Ruurd Veldhuis
De Tsjasker	TMB De Jong
De Staat van CreMatie	Tosti Kip
Dutsen.nl	TRW-service
Eetcafé Jonker Sikke	Túnman Teake
Effectief Onderwijs	Van der Velde kraanverhuur
Expertisecentrum Stenekes	Van der Velde Slaapcomfort, Mode en Textiel
FDB Techniek b.v.	Wetterwille
FIC-Financials	Wheagan Multi Car Service
Foodbrothers	Wiersma Administratieve en Fiscale dienstverlening
Gerbrandy Onroerend Goed BV	Wiersma Equipment
Grafische Groep Van der Eems	Wildkamp Winsum
Iisbaankeukens	Woonvaria
It Dielshûs	Zwembad De Klomp
Jimbar	

DE HIMELSKE BOB-100

1. Bob	42. Geeske & Bram	83. Peter & Hilde
2. Afke & Henk	43. Gido Bamboe	84. Petra & Trienus
3. Afke & Thom	44. Grietje & Hink	85. Petra Hoekstra
4. Alberdina & Piet	45. Grytsje & Jelle	86. Pieteke & Jan
5. Aligonda & Klaas	46. Hans & Janna	87. Rens & Cornelis
6. Amarins & Cor	47. Henk & Simone	88. Rixt & Johan
7. Anita & Teake	48. Hennie & Pieter Jan	89. Sascha & Jaap
8. Anke & Pier	49. Ilse & Anne-Jan	90. Sijbout Colenbrander
9. Anna-Marie & Popko	50. Immie & Enno	91. Silvia & Jan-Rinse
10. Anne Marie & Paul	51. Ineke & Peter	92. Sjoerd van Beem
11. Anne Marije & Klaas	52. Ingrid & Douwe	93. Sytske & Gerlof
12. Anneke & Rudolf	53. Irene & Tony	94. Tecla & Durk
13. Anneke & Rutger	54. Janneke & Rutger	95. Thea & Johan
14. Anneke & Theun	55. Johannes Hibma	96. Theresia & Gerben
15. Annelies & Pieter	56. Jellie & Aant	97. Tine & Jaap
16. Annelys & Rudy	57. Jolanda & Herre	98. Tineke & Hinne
17. Antsje & Carlis	58. Karin & Jasper	99. Tineke & Pieter
18. Antsje & René	59. Klaske & Meinte	100. Tjitske & Sybe
19. Antsje & Sipke	60. Liesbeth van der Ende	101. Yvonne & Jan-Jetze
20. Arnold Strikwerda	61. Lize & Folkert	102. Yvonne & Marcel
21. Astrid & Rudy	62. Lolke Hofstra	103. Susan & Sipke
22. Atty & Freddie	63. Maaike & Harry	104. Anke Nijdam
23. Baukje & Sjoerd	64. Marga & Jan	105. Geertje & Wiebe
24. Berber & Folkert	65. Margje & Tiede	106. Aukje & Bauke
25. Carin & Frans	66. Margriet & Henk	107. Geartsje & Jelte
26. Carla & Tseard	67. Margriet & Minne	108. Hiskje & Bokke
27. Caroline & Jurgen	68. Marieke & Lukas	109. Hetty & Jan Tiede
28. Cindy & Erik	69. Marike & Joop	110. Do?
29. Corrie & Rintje	70. Marjan & Marco	
30. Daan Boersma	71. Merel & Meint	
31. Dukke & Tjerk	72. Mirja & Paul	
32. Elbrich & Jacco	73. Monique & Jan	
33. Emma & Harrie	74. Monique & Jan	
34. Esther & Tsjipke	75. Monique & Sjoerd	
35. Evelien & Joop	76. Namkje & Wybren	
36. Evelyn & Robert	77. Nynke & Marcel	
37. Feikje & Cor	78. Nynke & Remco	
38. Fenna & Ab	79. Nynke & Ronny	
39. Foppe Boggaard	80. Otie & Henk	
40. Franke Wiersma	81. Paul & Annemiek	
41. Frederike & Germ	82. Pep & Eddy	

BOBJÛN

Boppers, OpperBoppers (stipers) en frijwilligers fan it Greidhoek’ Festival kamen op freed 31 maaie wer manmachtich nei it hôf oan de Van Sminialeane foar de Bobjûn. Mei in hapke yn de iene en in snapke yn de oare hân en tuskentroch it muzyklûd fan The Beatles Sessions waard troch Bob Ate in taljochting jûn op it Greidhoek’ Festivalprogramma 2019, sa’t dat no yn dizze krante stiet. De binning mei de frijwilligers, de Boppers en de OpperBoppers is tige wichtich foar de organisaasje. In moaie jûn dy’t de start wie om der mei-inoar wer in ferrassend festival fan te meitsjen. Nettsjinsteande dat Bob dea giet.....en it dus de lêste kear Greidhoek’ Festival wurdt.

Mar wie it ek de lêste Bobjûn?

Bob Bob ynternet en Bob
de sosjale media

- + Fansels hat it Greidhoek’ Festival in eigen webside. Dizze is te finen op: www.greidhoekfestival.nl en ek op www.greidhoekfestival.frl
- + Ek binne wy te finen op Facebook: www.facebook.com/GreidhoekFestival en Bob www.facebook.com/bob.greidhoek
- + Bob twittert Bob: [@Bob_Greidhoek](https://twitter.com/Bob_Greidhoek)
- + Ek sit Bob Bob Spotify. Lústerje alfêst nei de artysten dy ’t op 7 septimber op it Greidhoek’ Festival komme troch yn te loggen op Spotify en te sykjen op Greidhoek’ Festival. Dizze Spotify-playlist is ek te finen op ús ynternetside: www.greidhoekfestival.nl.
- + In playlist kinne jim ek fine op Youtube troch nei www.youtube.nl te gean en te sykjen op Greidhoek’ Festival 2019.





Goutum: 0:15 oere

The Bootleg Doors



As it dan sa is dat Bob dea giet dan moat der dochs ek in band komme dy 't al dea is. Jim Morrison is al yn de himel, mar lokkich genôch bestiet der noch soks as The Bootleg Doors. Gjinn band dy better oer it ein sjonge kin as harren. 'This is The End'!

Marsum: 21:30 oere

John Frost

Bob is oars en dat is John Frost ek. Ferwachtsje funk, soul, hiphop, jazz en blues. En dat trochinoar hinne. Bliuw dan mar ris stil stean! Neat froast, fjoer!

Rey Tranquilo



Ferline jier wûn hy de Grote Prijs van Nederland by de Hiphop, dus wy hawwe hjir net mei samar in rapper te krijen. Spitigernôch krige hy dêrnei hertklachten en koe hy net optrede. Bob hat ek wat hertsear, dus dat komt moai út. Lokkich hat Rey Tranquilo noch wol in moaie takomst foar him!

Marsum: 19:50 oere

Peuk

Wat je fan fier helje is goed! Dat jildt seker foar dizze band. Hielendal út België komme sy nei it Greidhoek' Festival om harren sludgepunkpop oan ús heare te litten. Sy stienen fan 't simmer al op de festivals Welcome to the Village en Pukkelpop en dat wie net samar. Op it lêste Greidhoek' Festival wurdt it genietsjen fan de lêste..... Peuk.....

Goutum: 17:35 oere

Love Couple

By Love Couple kinne jim in swiete miks fan pop, electronica en rock ferwachtsje. Wer ris wat oars en tige de muoite wurdich. Bob is fereale! Oant de dea ús skiedt!

Marsum: 18:20 oere

Goutum: 19:05 oere

Seewolf



Dêr wêr't de wrâld ophâldt begjint de muzyk fan Seewolf. Op de Aldebildtdyk spylje sy psychedelyske Indierock. Sy brûke in âlde tapemasine út San Fransisco dy't yn de jierren '70 brûkt is troch Creedence Clearwater Revival, The Grateful Death, Neil Young en Tom Waits. Sy hawwe it apparaat nei Fryslân helle, reparearre en nimme no harren muzyk dêr mei op. In soartefan reïnkarnaasje. Genietsje!

Presintator 2019: Aant Hofstra!!

De 9e edysje fan it Greidhoek' Festival wurdt Bob 'e nij presintearre troch de man dy 't mei de jierren safolle bands sjoen hat dat der eins net in band mear is dy't hy net ken. Jim kenne him fan syn lisfys, SDS, syn burd, it efkes baljen, syn skriuwen en ek fan syn parate muzykkennis. Hy sil jim fan Marsum of Goutum, ien fan de twa podia, ôf te wurd stean:

Aant Hofstra.

Ode oan Bob

In frou mei in griis shirt rint op my ta. Har boarsten klotse fan links nei rjochts. Se binne sa grut dat ik der net mear omhinne kin. 'Living the dream' stiet yn grutte letters op de stof. It swit dript har fan de holle wylst se seit dat de artysten meikomme kinne. Franke en ik bliuwe stean. At we foar de contest komme freget in famke yn hipsterklean. 'Contest?' werhellet Franke. Oh de wedstriid, it kwartsje falt. 'Nee, wy spylje gewoan', sizze wy beide. 'Dan mogen jullie meekomen hoor, de artiesten worden vervoerd'. Franke en ik stappe yn it buske. Tegearre mei noch mear saneamde artysten. Se sjogge der ek út as artyst, se prate as artyst. Franke en ik helje in lollie út it pûdsje dat we krigen ha. In pûdsje mei broadsjes, wetter en dus in lollie. Dat is ek de fertsjinstige fan ús optreden. Nei tweintich minuten stoppe we by in stik lân. Living the dream docht de doar fan it buske foar ús iepen. Mei de lollie noch yn de mûle stappe we út en boue we op. Mear as fiif kji is der earst net as publyk. Earder stienen wy ris yn de Jumbo fan Wommels te spyljen by in edysje fan it Greidhoek' Festival. Tusken de pakken hagelslag en de potten beantsjes brochten wy it festival nei it winkelande publyk. En earder yn 2013 stie ik op it Greidhoek' mei in oare band (Xigatze). Doe brochten we in ode oan de frou. Yn al die jierren dat we muzyk meitsje binne we op in soad plakken west. Mar Bob, spylje foar dy is my noch altyd bybleaun. It Greidhoek' Festival. De himel yn it lyts. Jûn foar it lêst. Dat wy werom tinke oan dy as eigenwiis en sympatyk. Bob, do hast ús aanst njoggen kear in prachtjûn jûn. Sunder dysels op te blazen. Do bist gjin opgoaier wurden, of ien dy't him te goed fielt. Do bist Bob. En Bob hat dient wat er leuk fûn. Misskien wie dat wol werom ik graach op it Greidhoek' spylje mocht. Omdat in lollie gewoan in lollie wie. Living the dream freget as wy lekker shinet ha at se ús wer ophellet. Se wiist ús op de pûdsjes dy't oer binne. Pak gerust seit se. Franke en ik sykje de lolly's der tuskenút. Living the dream, ik kin der net omhinne. Ik tink oan dy, Bob. Dat hast dient jong. No giest dea. Datst mar lekker shine meist yn ús tinnen. Sjoch, pak oars noch mar in lollie foar ûnderweis. Der binne pûdsjes oer.

Sjoukje de Boer

Iterij.....

Ek dit jier kin der wer hearlik iten wurde Bob it Greidhoek' Festival. Dit kin allegear mei munten betelle wurde. Hjir alfêst in lyts foarpriuwke, mar skrik net as Bob noch mear ferrassend lekker iten út syn bulte hier gûchelt, want Bob is gek Bob ferrassingen. Ek Bob syn útfeart.....

Foodbrothers

De Foodbrothers komme alwer foar de 8e kear nei nei ús festival mei harren Amerikaanske hotdogkarre. Ek dit kear komme sy wer mei harren hiele roedel. Al jierren mei de The Classic, The Hot Chili en The Funky Tzatziki, mar ek mei de Jailhouse Dog en The Hot Mexican. Benijd wat sy dit jier spesjaal foar Bob út de koksmûtse toverje sille.

Dat se hite deade hûnen ferkeapje is yn elts gefal wis.



Margje 24

Iisbuorkerij Margje 24 út Warkum makket ambachtlik iis fan de molke fan de eigen kij. Se hawwe in saneamde 'ijssaloon' op de buorkerij dêr't de minsken in ferskaat oan smaken iis krije kinne. Sûnt 2013 hawwe Sander en Deborah ek in iiskobus, wêrmei't se mei harren iis nei eveneminten ta geane. Sadwaande komme se ek dit jier wer op it Greidhoek' Festival.

It iis sil wol like kâld wêze as Bob nije wike.....

Murk's Slagerij



Murk's Slagerij stiet ek dizze edysje wer op it Greidhoek' Festival mei lekker iten. Dit kear mei syn Bhutaneze maat Arjun, hearlike chicken curry masala mei basmati rys en griene curry. Murk komt hiel ferrassend mei Vegaburgers en sil op de bûtenlânske toer mei fulde Turkse bôle mei reepkesfleis en broadsjes Halal mei ritueel slachten fleis. Dat hie foar Bob ek noch wol in idee west.

Cut The Crêpe

Op fersyk hawwe wy dizze lêste Greidhoek' Festival-edysje wer pankoeken foar jong en âld. Cut the Crêpe hat se yn alle soarten en maten. En allegear Biologysk! Wa 't it meast Bob kin!



Smoke mei Jonker Sikke

Yn de tinten mei net smookt wurde, mar Bob hat in goed alternatyf foar jim ûnder de prûk weihelle. Yn gearwurking mei ytkafee Jonker Sikke út Jellum sil Nanne Dusselaar wer in ferskaat oan fleisprodukten klearmeitsje yn De Smoker. It sil in ferrassing wurde wat de hearen yn de smoker klearmeitsje kinne. In hiele ko? In heale ko? Baarch en ko? Fega? We sille it priuwe! Dan kin Bob dêrnei moai Bobstookt wurde!

Bob-wraps en -broadsjes fan Jumbo(b)-Kooistra en It Dielshûs



Gjin nee te keap by de iterij fan ús haadstiper Jumbo-Kooistra en partysintrum It Dielshûs. Wraps mei fleis, wraps sûnder fleis, wraps, fleis, fan alles hawwe se! Ek hawwe sy Bob-broadsjes plôke hin en Bob-broadsjes gehak-spesjaal. Dêrneist soargje sy foar in hearlik bakje kofje en té! Al mei al mear as je yn in minskelibben Bob kinne!

TOSTI-KIP

De klassike tosti mei ham en tsiis, tosti mei brie en huning, tosti mei geitetsiis, dat liket der Bob! Biologysk, fegetarysk en ek noch klearmakke mei streekprodukten. Makke fanút in âlde Kipkaravan út 1982 kinne we genietsje fan in lekkere tosti. Besykje hjir mar ris fan ôf te bliuwen... It sil Bob syn lêste wurde.



Bob seit:
Oant 7 septimber!

GREIDHOEK FESTIVAL



*Bob is dea,
lere Bob!*

lykas Bob it wollen hie

📅 **SNEON 7 SEPTIMBER 2019**

📍 **SWIMBADTERREIN WOMMELS**

🕒 **FAN 16.00 OERE ÔF**

Foarferkeap

Jumbo-Kooistra Wommels

Jumbo-Kooistra Bolsward

www.greidhoekfestival.nl

Tagong

Foarferkeap

12-

Kassa

15,-

13-17 & 65+

5,-

Jonger as 13

FERGEES

Hjitsto Bob?

FERGEES



Bands



DE RAGGENDE MANNE THE BOOTLEG DOORS REY TRANQUILO
THE KRONTJONG DEVILS SEEWOLF TURBOGURU FARSK
JOHN FROST LOVE COUPLE THE BLUES BUSTERS PEUK



Keunst



DE DANSDIVISIE (FREED 6 SEPTIMBER), WILLIE DARKTROUSERS &
JOOST OOMEN, FULKAAN, KAPSALON DE DEADE PUNT,
MOAI YNTERAKTYF BERNEPROGRAMMA